

Notulen Jierfergadering Fûgelwacht Wommels 2024

Der binne in pear ôfmeldings wêr ûnder twa bestjoersleden.

01 Iepening

Foarsitter Teade sjocht koart werom op it jier, hy beneamd in pear saken yn't bysûnder.

- Jan Weijer fynt it earste aai foar de fiifde kear, krijt hjirfoar neist de oarkonde in boek "De Ljip".
- Tank oan it Agrarisch Natuurfonds Fryslân foar it beskikber stellen fan de fergaderromte.
- Wolkom oan sprekker Germ van der Burg, dy nei it skoft fertelle sil oer de fiskmigraasjerivier.
- De BFVW hat in wachtronde dien, mei alle wachten is in gesprek oan de keukentafel west. Ek by ús, we ha kompliminten krigen oer ús wize fan organisearjen.

02 Meidielings

- 1 maart is de jierfergadering fan de BFVW, der sil in delegaasje fan it bestjoer hinne.
- Wybren Bruinsma, ús erelid is de nije gebedskoördinator út namme fan de BFVW. Dizze funksje is in skeakel tusken it bestjoer, de meiwurkers en de wachten.
- Der kin wer boeren opjûn wurde foar de boerefûgellânpriis, in priis foar in boer dy't frijwillich sich ynset foar de greidefûgels. Wa ien hat, kin dit by it bestjoer oanjaan.

03 Jierferslach

It jierferslach 2023 is meistjoert mei de aginda, lykas de notulen fan dat jier. Beide stikken wurde troch de fergadering fêststelt. Tank oan de skriuwer.

04 Finansjele kant

Ponghâlder Erwin ljochtet de sifers ta. We ha jild útgjûn en ûnfongen foar it revisearjen fan de pompkes. Troch dat der minder ha's yn ANLB behear leit, bin de ynkomsten krek minder as oare jierren. Fanút it RaboClubsupport ha we trije ynsektenhotels oanskaft, twa ha al in plak krigen. It opstellen fan de statuten hat wat ekstra kosse en in part fan it ledejild is letter ophelle. Al mei al stean we rom yn de plus, we kin wer moaie ideeën betinke!

De kaskommisje jout oan dat Erwin de saken goed foar elkoar hat en útlizze kin. Sy wolle graach dat de fergadering desjarzje ferlient, dut wurdt mei applaus bekrêftige.

05 Bestjoersferkiezing

Erwin is ôftredend en werkiesber, mei de komplimenten yn it foarige agendapunt bin we der gau oer út. Erwin tekent foar trije jier bij!

06 Aaisykje en neisoarch

Teade ljochter de wichtichste saken ta.

- Kommunikaasje mei de boeren, ferwachtings en ôfspraken meitsje oer it ferrin fan de neisoarch is it adfys.
- We ha wer de app-groep wêr alle neisoargers yn sitte, hjir diele we mei wannear we mei syn allen it lân yn gean. It doel hjir fan is dat elke neisoarger nêsten en piken sjocht.
- De alarmtellingen kondigje we oan yn de app en mail. Bepaalde hoeken sa as Weakens en De Súdhoeke doch we op ien jûn, dan bin de tellingen mear betrouber.
- Der binne nije nêstspannen, nestbeskermers, genôch pompkes foar it gefal it drûch wurdt.
- In oprop om nei it registrearjen ek de status bij te wurkjen, hjir rinne we wat yn efter.

07 Projekten

De projekten rinne as in tierelier, de swellewand is bijwurke, de einekuorren krije wer in plak en de swelletil is wat bijwurke. Der is noch in koarte taljochting oer in inisjatyf fan Puur de Greidhoeke. Ek is it jubileumprojekt ôfronden mei it gedicht fan Elmar Kuiper op it bankje.

08 Omfreegjen

Der bin oan it begjin fan de fergadering gjin saken foar it omfreegjen ynbrocht.